koart ferhaal - wûnderlik fryslân - linkke saken - f-terside & noch folle mear!!

LINKK

Minsken en moetingen

POËZY
fleurich

SA2018

Annemaaike Bakker
Haadrolspylster fan De Stormruiter

WENJE YN IN
mongoalske yurt

SPORTPORTRET
fierljeprivalen

1
September 2018
Jiergong 19

Ynhâld

2 Ynhâld en LinKke Saken
Koarte nijtsjes

4 Backstage by De Stormruiter
Haadrolspylster Annemaaike fertelt

6 Wenje yn in Mongoalske yurt
Hester en Fardau wenje yn in ekodoarpke

7 Backstage by De Stormruiter
Haadrolspylster Annemaaike fertelt

8 Fallen
Koart ferhaal

10 Wûnderlik Fryslân
A call to wonder

12 Fierljeprivalen
Rutger en Wisse krije in kick fan fierljeppen

14 LinKke Siden
Nijs oer de stjerren

16 Frysk: taal fan dyn hert! Of net?
Wat fynsto fan it Frysk?!

18 SA2018
De nijste gadgets en hypes

19 Poëzy
Fleurich

20 F-terside
Oer games, ynternet en tech

Nûmer 1
jiergong 19
septimber 2019

LinKk is in tydskrift foar jongeren, dat yn in skoaljier seis kear ferskynt. It kin as selsstannich blêd lêzen wurde, mar it slút ek oan by de tema's fan de digitale metoade Searje 36 en de metoade Freemwurk.

Redaksje : Marrit de Schiffart
Cover : Tim Hoekstra Media
Opmaak : FryslânMedia
Druk : SMG Groep
Korreksjes : KonSEPt
Redaksje-adres : Cedin/Sintrum Meartaligens
Lavendelheide 21 • 9202 PD Drachten
T 088 0200 300 • E linkk@cedin.nl

Abonnemintspriis 2018-2019:
Los abonnemint à 6 nûmers: € 14,00

Sjoch foar kollektive abonneminten: www.linkk.tv
Abonneminten op LinKk binne trochrinnende abonneminten.
Opsizze foar it takom skoaljier kin foar 1 juny.

HOI!

Jim sitte alwer in pear wiken op skoalle. Tinkst mei weemoed werom oan dy geweldige simmerfakânsje? Ien treast: hjir is LinKk. It ljocht tusken al dat tsjustere skoalmateriaal. Teminsten, dat hoopje ik. LinKk is – mar dat hiest fêst al yn 'e gaten ☺ – Frysktalich. Tenei lêsto dit tydskrift by it fak Frysk.

It tema fan dizze LinKk is Minsken en Moetingen. Do hast it fêst drok mei it moetsjen fan nije minsken, want as it goed is sitst krekt op in nije skoalle. Hast al leuke persoanen kennen leard? Yn dizze LinKk komme wy ek yn 'e kunde mei alderhande minsken. Moetsje Annemaaike Bakker, haadrolspylster yn it megaspektakel De Stormruiter. Lês oer Hester en Fardau, dy't yn in ekodoarpke by Ljouwert wenje. En kom mear te witten oer de Fryske taal, want wat is dyn miening: yay of nee?

Wolsto ek bûten de Fryske les op 'e hichte bliuwe fan LinKke nijtsjes? Folgje LinKk fia Twitter, Facebook of Insta (3x @linkkmagazine).

Nice to meet you!
Marrit de Schiffart

TOP10

Populêrste websites

1. Google
2. Facebook
3. YouTube
4. Wikipedia
5. Google Maps
6. Bol.com
7. Marktplaats
8. Instagram
9. Nu.nl
10. Nos.nl

Wat binne de meast besochte websites fan Nederlân? Oftewol: wêr bringt de Nederlanner de measte fan syn online tiid troch?

Google

Kek op stap



Subtyl witte litte datsto út Fryslân komst? Dat kin mei dizze hippe kettinkjes en earbeltsjes! Tsjek dat prachtige, beskieden pompebledsje. Binne it gjin pronkjes? Eigen en dochs ek stylfol. Is in pompebledsje net hielendal dyn ding? Miskien fynst de eksimplaren mei de Snitser Wetterpoarte of in sylboatsje wol hielendal te gek. Of gewoan in ananas, want dat kin ek.

It design komt fan Boudien Hoekema. Sy wennet yn Snits en hat de webshop Hippe Kees (www.hippekees.nl). Dêr binne de sieraden ek te keap, yn sulver en yn goud. De kettinkjes kostje € 8,95 en de earbeltsjes € 6,95.



So you think you can foardrage?!

Kinsto it? Fol passy en konsintraasje in gedicht foardrage op in grut poadium? Jou dy dan op foar FeRstival. FeRstival is de Fryske foardrachtswedstriid foar middelbere skoallen. De foarrondes binne op freedtemiddei 9 novimber yn Drachten en Snits en op freedtemiddei 16 novimber yn Ljouwert. De finale is op sneon 15 desimber yn it Posthuis Theater op It Hearrenfean. De oanfang is altyd 13.30 oere.

Om mei te dwaan kiest in gedicht út it boekje FeRsefariaasje 2018. Dat boekje kinst krije fia dyn dosint Frysk. Dêryn stiet ek hoe'tst dy opjaan kinst, dat moat foar 19 oktober. Doch mei en wy sjogge dy on stage!

PS De winners fan FeRstival 2017 mochten in eigen foardrachtklip opnimme. Sjen? Sykje op YouTube op 'FeRstival 2017'.

FeRstival

FOLGJE LINKK MAGAZINE ONLINE
LINKK.TV

Cedin sintrum meartaligens
FSC MIX Papier van verantwoorde herkomst FSC® C113888
KLIMAATNEUTRAAL PRODUCT 2015 CERTIFIED BY CLIMATE NEUTRAL GMBH

Backstage by De Stormruiter

Haadrolspylster Annemaaike Bakker fertelt

Hûndert Fryske hynders, heech wetter en in stoarm dy't tekeargiet. Dat is it spektakulêre teäterstik De Stormruiter. De kaarten foar de foarstellingen yn septimber en oktober binne al útferkocht, mar haadrolspylster Annemaaike Bakker jout dy in unike preview.

De Stormruiter giet oer de striid tsjin it wetter en spilet him ôf op It Bilt. Annemaaike Bakker spilet ien fan de haadrollen. Sy is de frou fan haadpersoan Hauke Haien. 'De Stormruiter is echt in spektakelstik,' fertelt se entûsjast, 'mei al dy Fryske hynders, fideoprojeksjes en ymposante muzyk. Ik makke echt in freugdedûnske doe't regisseur Jos Thie my hjirfoar frege. Njonken oare bekende akteurs spylje der ek hûnderten figuranten mei. Dat makket de foarstellingen ekstra bysûnder.'

Bisto sân hynstefamke?

'Nee, hielendal net. Ik hie net safolle mei hynders, mar yn De Stormruiter dogge mar leafst hûndert Fryske hynders mei. Ik moat sels ek hynsteriden. Om te oefenjen bin ik yn jannewaris begûn mei rydlessen. It sil my mar oerkomme dat myn hynder op hol slacht… Dan wol ik witte wat ik dwaan moat!'

Wa bisto?

Annemaaike Bakker

namme	:	Annemaaike Bakker
leeftiid	:	33 jier
wenplak	:	Bremen, Dútslân
berne yn	:	Ljouwert
famylje	:	Twa suskes
idoal	:	Beyoncé is fantastysk

En de Biltske taal, kinsto dy al prate?

'It stik is yn it Biltsk, in prachtige taal. Mar hiel earlik: ik hie noch nea Biltsk praat. Gelokkich ha ik in taleknobbel; ik lear hiel maklik nije talen. Sa spylje ik al in oantal jierren by in teäterselskip yn de Dútske stêd Bremen. Dêr praat ik dus hiele dagen Dútsk. It Dútske dialekt hjit dêr Plattdeutsch en liket wol in bytsje op it Frysk. Se neame dit gebiet ek wol Ost-Friesland. De taal is in kombinaasje fan Frysk, Grinslanners en Dútsk. Superleuk om te learen!'

Kinsto sa lang frij krije fan dyn wurk?

'Teäter Bremen hat my de hiele moanne septimber frij jûn. Dêr bin ik echt hiel bliid mei. In moanne lang bin ik wer yn Fryslân. Us heit en mem wenje noch altyd yn Burgum, mar iksels ha aanst in appartemint yn Ljouwert. Dêr kin ik folop genietsje fan alle aktiviteiten fan Kulturele Haadstêd.'

Do komst dochs út Ljouwert?

'Ik bin berne yn it sikehûs yn Ljouwert, mar ik ha altyd yn Burgum wenne. Dêr begûn myn passy foar toanielspyljen. Mei myn beide suskes makke ik as lyts famke al eigen toanielstikjes. Doe't ik puber wie, kaam ik by jeugdteäterskoalle Meeuw yn Ljouwert. Dêr ûntduts ik dat ik myn wurk meitsje koe fan teäter en ha ik my ynskreaun foar de Toneelschool Amsterdam, dêr't ik de Kleinkunstacademie dien ha. Ik ha ek noch in skoftke by Tryater spile. Dat fûn ik geweldich; spylje yn it Frysk.'

Wolsto De Stormruiter ek sjen?

Wolsto it spektakel fan De Stormruiter sjen mar hast gjin kaartsjes? Dan kinst ein dit jier earste rang sitte. Omrop Fryslân en Omroep Max meitsje opnamen dy't op telefyzje te sjen binne. Dan kinst Annemaaike fan tichtby yn aksje sjen!

Tekst: Nynke van der Zee, aksjefoto: Jörg Landsberg, portretfoto: Romy Treebusch

Wenje yn in Mongoalske yurt

It is in dream dy't útkomt. Hester en Fardau Steegstra fantasearren al faak oer it wenjen op in buorkerij mei in soad bisten. Sûnt maaie wenje de suskes mei harren mem yn in yurt, in Mongoalske nomadetinte. Se wenje op it terrein fan Frijlân, in ferfallen pleats krekt ûnder Ljouwert. De kommende jierren bouwe de bewenners it terrein út ta in moai ekodoarpke mei in eigen grientetún.

'Dit is ús yurt. Wenje, ite en sliepe dogge wy yn ien romte,' fertelt Hester (14). 'Wy krije ynkoarten allegear ús eigen bedstee mei laden derûnder. Dêr kinne wy dan ús klean yn opromje. It is no noch in bytsje in rommeltsje,' laket Fardau (11).

Hjirfoar wennen de fammen yn Wergea yn in gewoan hûs. 'Wy praten doe al faak oer hoe't wy miljeubewuster libje koene. Yn dit ekodoarpke geane wy hiel bewust om mei stroom, wetter, elektrisiteit en mei de boaiem.'

Seis sinnepanielen neist de yurt wekke elektrisiteit op. 'Der is no genôch sinne, mar yn 'e winter is der miskien folle minder enerzjy, dus dan moatte wy ek suniger mei de telefoan, tablet of laptop.'

Yn 'e winter is der in houtkachel, dy't de romte gau waarm makket.

Op it terrein wenje noch fjouwer oare froulju yn yurts en in pipowein. 'Wy diele ien auto.' In lekkere dûs nimme kin ek gewoan. Hiel bysûnder... yn 'e bûtenloft! 'Dit binne pûden, dy kinst mei wetter folje en dan yn 'e sinne opwaarmje litte. De pûde hingest dêrnei oan in heakje en dan kinst waarm dûse. Eins stiest dus yn 'e natuer te dûsen.'
De freondinnen fan Hester op it Stedsgymnasium yn Ljouwert fine it allegear hiel ynteressant en komme ek wolris del. 'Sy moatte wol efkes wenne. Itensiede en ôfwaskje dogge wy yn in losse keet.' Oant no ta fine de fammen it wenjen op Frijlân fantastysk. 'Wy binne folle mear bûten en sykje de oare bewenners ek faak op,' fynt Hester. 'Der is altyd wol ien om mei te praten. De trampoline yn 'e tún fyn ik ek echt super,' seit Fardau.
No't it simmer is, is it noflik wenjen op Frijlân. 'Mei ús mem hawwe wy ôfpraat dat wy hjir fjouwer seizoenen wenje sille. Dêrnei beslute wy wat wy dan dwaan sille. Oant no ta befalt it hiel goed.'

Tekst en byld: Froukje Sijtsma

fallen

Totaal net op syn gemak stie Pieter by de doar fan de sikekeamer. Soe er nei binnen, of soe er earst noch efkes... Hoe't er no wer yn dizze situaasje belâne wie. 'Do brûkst dyn harsens net. Earst oerstjoer dwaan, dan nochris neitinke,' sei syn mem altyd. No't er der oer neitocht, hie se eins wol gelyk.

It hie sa'n goeie grap like dy middei. Se fytsten mei har fiven fan skoalle nei hûs. In ferfelend rotein wie dat altyd. In bytsje âldehoere, gekjeie, dat wie noch it leukst om te dwaan ûnderweis. Mar fierders: hoe gauwer thús, hoe better. En doe hie se dêr fytst. Se seagen it út 'e fierte: in âld wyfke, ek noch op sa'n beppefyts, sa traach as in slak fansels.
'Nee wol, dat wurdt seis oere thús tink!' raasde Bertus.
'Ik moat hjoed myn húswurk noch wol meitsje,' grapke Ingrid.
'It liket my sa ta dat wy hjir net achter hingjen bliuwe,' lake Grytsje.
'Ík gean net oan 'e kant,' kaam Jasper der nochris oerhinne.

Wilens wiene se sa'n bytsje by it âld wyfke. Oan har ûnwisse wibeljen te sjen hie se al wol yn 'e smizen dat sy deroan kamen. Pieter fytste foaroan en koe it allegear goed sjen. Foardat er der fierders noch mar in tel by stilstie, rôp er oer it skouder: 'Sjoch mar ris hoe't je soks oplosse.'
Hy sette feart, fytste deun by it wyfke lâns en snie har doe ôf by it foartsjil. Oer syn skouder seach er noch krekt hoe't se tsjin de berm oan begûn te slingerjen en doe mei fyts en al tsjin 'e grûn klapte. De oaren fytsten har joeljend foarby.
'In foltreffer, maat!' skattere Bertus. 'Do witst wol hoe'tst paad meitsje moatst.'
'Dat haw ik jim dochs sein,' swetste Pieter, en hy seach nochris achterom, nei Grytsje. Se trape like hurd fierder as alle oaren, mar se lake net mei.

Dy jûns stie de plysje by Pieter en dy thús foar de doar. Stront oan 'e knikkert.

En no stie er dus foar de doar fan de sikekeamer dêr't it âld wyfke op bêd lei. Frou Brandsma hjitte se, sa wist er no. Se wie raar fallen en hie fan alles brutsen. En dat wie syn skuld. Earst hie er tocht dat er him mei wat stoer praat der noch wol útrêde koe. Mar doe't bliken die dat de frou yn it sikehûs lei, wie dat gau oer. Heit en mem wiene poerrazend fansels. Pieter knypte nochris yn 'e stâlen fan it bosk blommen dat er meinaam hie. Doe kloppe er op 'e doar.

Frou Brandsma lei plat op 'e rêch op bêd, mei de holle nei Pieter ta draaid.
'Soa, dus do bist de jonge dy't my de bonken brutsen hat,' sei se, en se stoareage him oan mei in pear fûle brune eagen.
Pieter krige in kop as in boei. 'It spyt my, mefrou,' stammere er.
'Spyt?' frege de frou. 'Wat haw ik dêr oan, spyt? Dêr keapje ik neat foar. En dy suterige blommen meist ek wol hâlde.'
'Ik wist neat betters,' antwurde Pieter earlik. 'De blommen binne trouwens ek fan ús heit en mem.'
'O, no, moai is dat, kwak se dan dêr mar ergens yn in faas.' Frou Brandsma makke in gebeart yn 'e rjochting fan 'e wasktafel. Dêr stie yndie in glêzen faas. Wylst Pieter dwaande wie mei de blommen, rattele frou Brandsma alwer fierder.
'In striemin sin ha 'k derfan. No moat ik aansens ek noch nei it ferpleechhûs. Ik kin foarearst gjin stap mear sette en ik wenje allinnich, dat ik moat earst refalidearje. En ik haw der al sa'n hekel oan: sikehuzen, ferpleechhuzen, hiele dagen oare minsken om 'e teannen. En wat noch wol it slimst fan alles is: do meist neat yn sa'n ferpleechhûs. Sels in buorreltsje meist dêr net ha. Is net goed foar de sûnens. Wat kin my myn sûnens skele? Ik bin al oer de tachtich.'
Pieter wist net wat er hearde. Dit wie wol it lêste wat er ferwachte hie. Unbehelperich sette er de faas mei blommen op 'e tafel neist it bêd. Mar frou Brandsma seach der net iens nei. Sterker noch, se seach hím oan. Ferbylde er him dat no, of begûnen har eagen ynienen in bytsje te glimmen?
'Ik wit it goed makke,' sei se. 'Myn deistige buorreltsje is my wol wat wurdich. Asto it no werklik goedmeitsje wolst...'

In skoft letter siet Pieter wer op 'e fyts, drok oan it prakkesearjen. In flesse jonge, dy hiene se fansels net yn it winkeltsje yn it sikehûs. En hy mocht ek gjin drank keapje, omdat er noch gjin achttjin wie. Miskien dochs mar heit ynskeakelje foar in oplossing? Moarn mar wer efkes nei frou Brandsma ta, om te oerlizzen hoe se it ha soene. Hy hie der suver nocht oan.

Tekst: Baukje Zijlstra

In rôze sprinkhoanne?!

Ja, do sjochst it goed. Dizze sprinkhoanne is rôs! De brune fjildsprinkhoanne is (sa't syn namme al ferklapt) normaal brún, mar yn 'e neisimmer soms rôs. Sa falt er minder op tusken de heide. Supersnoad! Witsto ek sa'n snoad (slim) natuerweetsje? Mail dyn weetsje uterlik 30 oktober nei actie@itfryskegea.nl en meitsje kâns op it boek ***Ik hou van Pad***.

Tekst: Nynke Andree, byld: Dico de Klein

fierljeprivalen

No't Ljouwert dit jier Kulturele Haadstêd fan Europa is, krije ek de Fryske sporten in soad oandacht. Fryske sporten – sa as keatsen, skûtsjesilen en fierljeppen – wurde ek wol 'kultuersporten' neamd. Yn augustus wiene de European Sports for All Games. Dêrby stiene fyftich tradisjonele sporten út tweintich lannen sintraal. Ien fan dy sporten wie it fierljeppen.

Rutger Haanstra (15) út It Heidenskip en Wisse Broekstra (14) út Tsjummearum binne echte fierljeppers. Se fine de ekstra oandacht foar de sport belangryk. Rutger: 'Fierljeppen heart by de Fryske kultuer.' Wisse: 'Dêrom is it goed dat soks organisearre wurdt, want dan leare de minsken wat mear oer it fierljeppen en wat it ynhâldt.'

neist de skâns wenje

Rutger komt út It Heidenskip, in echt fierljepdoarp. 'Wy wenje neist de fierljepskâns en myn âlders diene sels ek oan fierljeppen. Ik gie altyd mei nei wedstriden en sadree't ik sels ljeppe mocht, bin ik begûn.' Wisse komt út 'e 'keatshoeke'. 'Ik kom út in echte keatsfamylje. Mar doe't ik 5 jier wie, ha ik in kear mei pake en beppe nei it fierljeppen west. Ik fûn it fantastysk en woe dat sels ek. Ik ha ek noch keatst, mar it keatsen falt tagelyk mei it fierljepseizoen, dus dat wurke net.'

Rutger en Wisse binne rivalen, want se wikselje elkoar hieltyd ôf as winner yn de Jongens Topklasse yn de ROC Friese Poort-kompetysje. Rutger: 'It is moai dat der noch immen is dy't fier springt, want dêrtroch moat ik sels ek wer fierder springe. Wy meitsje elkoar better.' Wisse: 'De bêste wint. Ik fyn it in leuke striid. Wy prate by wedstriden gewoan mei inoar en ek nei de wedstriid is it gesellich. Wy diele deselde hobby en passy.'

KICK

Ferbetterje, ferbetterje, dat is de kick fan it fierljeppen. 'Ik begûn op de lytse skâns', fertelt Rutger. 'Dêrnei mocht ik nei de grutte skâns. Letter kaam de gruttere stôk.' Ek Wisse is altyd dwaande mei better wurden. 'Ik wol altyd fierder springe.'

De jonges traine trije kear yn 'e wike om de absolute top te heljen. Rutger: 'En wy springe ek noch twa wedstriden. Eins bin ik elk frij oerke wol op de skâns te finen. Eefkes klimme of sa.' Wisse traint by Fierljep Feriening Winsum. Lêst fan senuwen hat er net by wedstriden. 'Ik tink altyd mar dat elk op nul begjint, dus ik ek.' Rutger hat alris Frysk én Nederlânsk kampioen west. 'Dat binne myn moaiste prestaasjes oant no ta. En dat jildt ek foar myn persoanlik rekôr fan 17.88 meter. Mar fansels hoopje ik dat it moaiste noch komme moat.'

op nei it rekôr

Ek Wisse hat al titels op syn namme stean. Hy hat Frysk kampioen west. Ek waard hy dit seizoen Prins by it Keningsljeppen yn Burgum en sprong er ein july yn Bûtenpost mei 18.03 meter in nij persoanlik rekôr. Om it Nederlânsk rekôr te ferbetterjen moatte Rutger en Wisse flink oan 'e bak. Dat stiet op 22.21 meter!

Sjoch foar mear ynfo oer fierljeppen www.fierljeppen.frl.

Tekst: Bianca Beemer, byld: Martin de Jong

mamma mia!

Tsien jier nei de bioskoophit Mamma Mia is der in ferfolch: Mamma Mia! Here we go again. De film sit wer fol mei ABBA-deuntsjes. Deselde akteurs út de foarige film komme wer foarby. Tink oan Amanda Seyfried, Meryl Streep, Colin Firth, Pierce Brosnan en Stellan Skarsgård. Mar der binne ek nije gesichten, sa as Cher. De film giet werom yn 'e tiid en lit it libben fan Donna (Meryl Streep) sjen. It ferhaal oer de syktocht fan Sophie (Amanda Seyfriend) nei har heit giet ek fierder. It is in grut spektakel fol mei sang en dûns!

noch mear trouwerijen!

Hasto de nije fideoclip fan Ariana Grande en Troye Sivan al sjoen? It ferske hjit fan Dance To This. Der is ien ding dat wol hiel bot opfalt yn de fideo: Ariana har grauwe ferlovingsring! Want ja, der is noch mear trounijs. Ariana Grande sil yn it houliksboatsje stappe mei har freon Pete Davidson. Twa wiken nei't it út wie mei syn foarige freondinne frege hy har. La Grande wie doe sels ek noch mar krekt single. Wannear't it fereale steltsje trouwe sil, is noch net bekend.

bieber is fersein

De herten fan in soad Beliebers sille no brutsen wêze. Of dy fan de Jelenators. Justin Bieber is fersein. Hy gie yn de Bahama's op syn knibbels foar model Hailey Baldwin. De twa koene inoar al hiel lang, mar Justin gie earst mei Selena Gomez. Dat gie út en Justin waard in steltsje mei Hailey. Nei ien moanne tegearre sille se trouwe. Hailey is al sjoen mei in grutte diamant om har finger. Bisto al benijd nei de troufoto's?

havana ooh-na-na

Fynsto Camila Cabello der ek altyd sa strieljend útsjen? De Kubaansk-Amerikaanske sjongeres hat no in make-up-line op 'e merk brocht mei L'Oreal Paris. De kolleksje hjit fan Havana en bestiet út fjirtjin produkten, sa as lipgloss en eachskaad. De produkten binne online al te keap, mar sille yn augustus ek yn winkels oer de hiele wrâld te krijen wêze. De make-up is geskikt foar alle hûdtypes en alle items binne goedkeaper as 13 euro. Gjin jild!!

haim lilk

De fammen fan de band Haim binne net wiis mei harren agint. De sussen Danielle, Este en Alana fertelden yn in ynterview dat se koartlyn foar in festival frege wiene. Foar dat festival krigen se lykwols tsien kear minder betelle as in manlike artyst. Dêr wiene se sa lilk oer dat se harren agint ûntslein ha. Girl power!

tredde seizoen stranger things

It tredde seizoen fan Stranger Things komt deroan! It twadde seizoen wie - krekt as it earste - in daverjend sukses. Wannear't de nije ôfleveringen te sjen binne, is noch net bekend. Der is al wol in teaser frijjûn yn 'e foarm fan in reklamespotsje foar in nij winkelsintrum. Hielendal yn 'e jierren '80 styl fansels! De bekende fiif haadrolspilers (Eleven, Mike, Dustin, Lucas en Will) komme wer foarby, mar ek oare bekende personaazjes. Der binne boppedat nije spilers te sjen yn it tredde seizoen.

met gala

It sil dy fêst net ûntgien wêze: it grutste moadespektakel fan it jier. It Met Gala is gigantysk ynfloedryk en fynt elk jier plak yn it Metropolitan Museum of Art yn New York. It moadegala en de byhearrende tentoanstelling hawwe elk jier in oar tema. Dit jier wie dat Fashion and the Catholic Imagination. Untwerpers meitsje klean foar de stjerren en litte dêrmei harren wurk oan 'e wrâld sjen. Akteurs, sjongers, modellen, neam mar op! Se komme allegear foarby yn de moaiste (?) kreaasjes. De opbringst fan it gala giet nei de moadetentoanstelling fan it museum. Wolsto der ek graach by wêze? Dat is sa goed as ûnmooglik: in kaartsje kostet mear as 25.000 euro...

Tekst: Gjaldau Sijtsma

frysk:

taal fan dyn hert! of net?

Wat fynsto fan it Frysk? Miskien is it dyn memmetaal en de gewoanste saak fan 'e wrâld. Miskien hast der neat mei en bist krekt lykas in soad Cambuur-supporters 'anty-Frysk'. Of miskien hast der hielendal noch noait oer neitocht. Tiid om de feiten op in rychje te setten en dêrnei nochris nei te tinken: wat is dyn miening oer it Frysk?

1. taal fan it hert

Yn watfoar taal dreamsto, bisto lilk? Dy taal is dyn memmetaal, de taal dy't it tichtste by dyn gefoel stiet, de taal fan dyn hert. Foar mear as de helte fan de minsken yn Fryslân is dat it Frysk. Hast alle 650.000 ynwenners kinne de taal ferstean. Sjoch mar ris nei ûndersteande diagram.



2. taal of dialekt?

Ast Friezen op 'e kast jeie wolst dan moatst foaral roppe dat it Frysk gjin taal is, mar in dialekt. Mar dat is net wier, it Frysk is in offisjele taal. Mar wêrom is it Frysk in taal en it Limbörgs of it Grunnings net?

It Frysk hat:

- Politike erkenning
- Status
- In taalhistoaryske ûntwikkeling (sjoch punt 4 en 5)
- In rike wurdskat dy't ôfwykt fan it Nederlânsk
- Eigen kombinaasjes fan lûden en bylûden (sjoch punt 3)
- Eigen regels foar it foarmjen fan wurden
- Eigen stavering- en grammatikaregels
- It wurdt praat en skreaun
- It wurdt net inkeld privee, mar ek yn it offisjele libben brûkt, sa as op telefyzje of yn de literatuer

3. rike taal

In protte minsken fine it Frysk moai klinken troch de rike klanken en de sjongerige toan. Foaral singer-songwriters fine it in prachtige taal om te brûken. Dat komt omdat it Frysk mear lûden (klinkers) hat as it Nederlânsk. Sa hat it Frysk twalûden (roas, flues) en sels trijelûden (boaiem, muoite).

4. skiednis fan fryslân

Hiel, hiel, hiel froeger bestie Nederlân noch net. Doe wennen hjir in protte ferskillende stammen. Yn de 6de en 7de iuw bleaunen der trije groepen oer: de Franken, Saksen én Friezen. It Fryske lân rûn fan Noard-België oant de rivier de Weser yn Dútslân. Fan de 11de oant en mei de 15de iuw wie Fryslân eigen baas. De taal dy't sprutsen waard, neame wy no Aldfrysk. Ek de wet wie yn it Frysk skreaun. Dy tiid stiet bekend as de Fryske frijheid. Yn 1498 kaam dêr in ein oan, dêrtroch ferdwûn it Frysk as belangrykste taal. Fryslân en it Frysk binne dus âlder as Nederlân en it Nederlânsk.

5. duo: frysk en ingelsk

In taal hat, krekt as dyn famylje, ek in stambeam. Sa ûntstiene der út it West-Germaansk 4 talen: Nederlânsk, Dútsk, Ingelsk én Frysk. It Frysk hat mear oerienkomsten mei it Ingelsk, it Nederlânsk stiet tichter by it Dútsk.

6. ferskillende soarten frysk

Neist it Frysk en it Nederlânsk wurde der yn Fryslân noch mear talen sprutsen, sa as it Stedsfrysk, it Biltsk en it Stellingwerfsk. Dat binne mingtalen mei sawol Nederlânske as Fryske wurden. Oer de grins yn Dútslân wurde ek twa farianten Frysk sprutsen. Dat Dútske Frysk waard yn 'e rin fan 'e jierren bot beynfloede troch it Dútsk.

7. gewoan meartalich

Alle Friezen kinne ek Nederlânsk prate. Dat wy Friezen meartalich binne is net útsûnderlik. Sa'n 80% fan de wrâldbefolking is meartalich. Yn in protte Afrikaanske lannen brûke se wol 3 of 4 talen. Yn Amsterdam brûkt ûngefear 50% fan de bern alle dagen mear as ien taal. Meartalich wêze is bysûnder, mar tagelyk ek gewoan.

8. minderheidstaal

Om't der yn Nederlân mear minsken Nederlânsk prate as Frysk, is Frysk de minderheidstaal. Mar der binne binnen Europa noch folle mear minderheidstalen. Tink oan it Welsk of Skotsk yn Grut-Brittannië of it Katalaansk yn Spanje. Iislân is it iennige lân yn Europa dêr't mar ien taal sprutsen wurdt.



taal fan it hert: boekje en app

Mear witte oer dit ûnderwerp? Yn july ferskynde it boekje 'Taal fan it hert', in útjefte fan de Provinsje Fryslân. Dêryn kinst mear lêze oer it Frysk, de rol fan de taal yn it deistich libben en de skiednis fan de taal. By it boekje heart ek in app. Dy biedt in 'Byb' mei ynteressante artikels, in kuierrûte én it folsleine boekje yn digitale foarm. Reuzehandich om te brûken by it fak Frysk! Sawol it boekje as de app binne te krijen yn 4 talen: Frysk, Nederlânsk, Ingelsk en Dútsk.

Produksje: Provinsje Fryslân, yllustraasjes Silke Boersma/De Lettergek

Hip hier

Bad hair day? Gjin soargen! De stoffen hierbân is wer hielendal werom! Yn allegear kleuren, maten en patroanen. Foaral de floers hierbân is net mear fuort te tinken. De hierbân kinst op ferskate hippe manieren drage. Bygelyks by in knotsje of flechten, oer it hier hinne of gewoan der ûndertroch. Fleuresto dyn outfit der ek mei op? Hartstikke trendy!



Aibo

Kinsto dy dizze gadget noch heuge? Tsien jier lyn brocht Sony in elektroanysk hûntsje op 'e merk en it waard razend populêr. Aibo hjit de robothûn. In desennium letter is er werom! De bedoeling is dat it ding in bân opbout mei it 'baaske' en in echt húsdier is. Wolsto ek sa'n elektroanyske freon? Dan silst noch eefkes sparje moatte, want de Aibo kostet mar leafst 1.500 euro!

Kekke speakers

In koptelefoan is fansels hartstikke handich. Mar ast dyn muzyk mei dyn freonen diele wolst, is in speaker ideaal. En dizze skattige bistjes binne hielendal fantastysk. Net grut, net swier, mar pocket size. Mei oare wurden: dizze triedleaze bluetooth speakers kinst sa yn dyn tas smite. Se binne te krijen yn allegear bistachtige foarmen en kleuren en kinne fjouwer oeren spylje. Bluetooth oan en tsjille mar!

Fanny pack is back!

It liket wol oft elkenien it op 'e heupen kriget fan dit taske. De fanny pack, dy't foaral populêr wie yn 'e jierren '90, is werom. Tinksto no oan dat saaie heuptaske dêr't allinnich toeristen mei rinne? Dan hast it mis! Se kinne ek - hiel sjyk - makke wêze fan lear of nepbûnt. Se binne ek noch ris feilich, want do hast der altyd it sicht op. Praktysk én hip!

IGTV

Brûksto Instagram? Dan hast miskien it nije ikoantsje foar IGTV al sjoen. IGTV? Ja! IGTV is in nagelnije app, dêr'tst fideo's op sjen kinst. Krekt as op YouTube. IGTV is foar langere fideo's. Mei de app sels kinst gjin filmkes meitsje, dus earst filmje en dêrnei mei de app online sette. De Instagram Story filmkes binne maksimaal fyftjin sekonden, by IGTV is tsien minuten mooglik. Alle folgers fan Instagram wurde automatysk oerset nei de nije app. Handich!

Tekst: Gjaldau Sijtsma

Fleurich

Hjoed bin ik sa fleurich,
want ik bin sa fleurich hjoed!
Ik gichelje, ik gûchelje,
ik laitsje o sa lûd.

Ik hop wat en ik huppelje,
want dat fielt sa goed.
Ik doch myn reade All Stars oan,
ik draach in gekke hoed.

Ik dûnsje en ik dribbelje,
ik draai in rûntsje op ien foet.
Hjoed bin ik sa fleurich,
want ik bin sa fleurich hjoed!

Dieuwke van der Meer

Yllustraasje: Lemon 'N Salt

E-mail

iPad 7:33 PM 83%

Fortnite no ek op Android

De populêre game Fortnite kinst op sa'n bytsje alle consoles spylje. Xbox One, PlayStation 4, iOS, PC, Nintendo Switch... Undertusken kin Android ek tafoege wurde oan dat rychje. Fortnite is megapopulêr. Fan 't maitiid fertsjinnen de eigeners hast 300 miljoen dollar mei Fortnite. It sjitspul wurdt troch miljoenen minsken spile en ynspirearret no ek oare populêre gamesearjes lykas Call of Duty. It populêrste ûnderdiel fan Fortnite is Battle Royale.

YouTube en copyright

YouTube hat in nije funksje dy't copyrightskeining (copyrightschending) tsjingean moat. De funksje soarget derfoar dat pleatste fideo's net download wurde kinne om dêrnei op in eigen kanaal wer upload te wurden. It bedriuw neamt de nije funksje Copyright Match. Op termyn wurdt de funksje beskikber foar alle brûkers. Copyright Match is no al beskikber foar kanalen mei mear as 100.000 abonnees.

Apple: nije emoji's

Apple sil goed santich nije emoji's tafoegje. It giet ûnder oaren om superhelden en nije gesichten. De gesichten binne oan te passen mei ferskillende hierstilen, sa as krollen en read hier. Ek in keale holle is mooglik. Der komme ek nije gesichtstypes, lykas in beferzen gesicht, in feestholle en in gesicht dat ûnder de hertsjes sit. De emoji's moatte letter dit jier ferskine as ûnderdiel fan in update foar iOS, watchOS en macOS. Wierskynlik giet it om iOS 12. De plaatsjes binne al goedkard troch Unicode 11.0.

Selsridende auto yn 2065

Liket autoriden dy megaleuk? En baalsto fan de ûntwikkeling fan de selsridende auto? No worries! It kin noch tsientallen jierren duorje foar't de selsridende auto op 'e dyk rydt. Sterker noch, deskundigen tinke dat der pas yn 2065 mear selsridende auto's as gewoane auto's wêze sille. In selsridende auto moat omgean kinne mei komplekse ferkearssituaasjes en ûnfoarspelbere minsklike aksjes. Foar't dat kin, binne wy tsientallen jierren fierder. It momint dat de kompjûter it stjoer fan ús oernimme sil duorret dus noch eefkes. Oant dy tiid kinsto noch lekker sels achter it stjoer!

Kubanen krije mobyl ynternet

Libje sûnder ynternet, kinsto it dy foarstelle? Foar Kubanen wie dat de gewoanste saak fan 'e wrâld. Yn it kommunistyske Kuba hiene boargers amper tagong ta ynternet. Dêr sil no feroaring yn komme, want it lân begjint mei it útrôljen fan mobyl ynternet foar syn ynwenners. Ein dit jier moat der in lanlik dekkend 3G-netwurk beskikber wêze. It doel is dat de helte fan de totale befolking fan Kuba dan gebrûk makket fan mobyl ynternet. Earder hiene allinne ambassades en grutte hotels in ynternetoansluting. Sûnt in pear jier wiene der ek wifi-hotspots, dêr betellen boargers en toeristen 1 dollar yn it oere foar.

Tekst: Marrit de Schiffart